

Ab D 222

DE EARSTE KEAR.

FOARDRACHT

troch



G. L. VAN DER ZWAAG.

Priis 25 sinten.

RIJKSUNIVERSITEIT TE UTRECHT



2716 813 1

160 D 22⁵



De earste kear.

Ik stie ris op in hearstjoun bij de brêgge fen ús doarp, yn djippe prakkesaesjes. 'k Hie mij nammentlyk twa wichtige dingen foarnomd, dy mij swier yn 'e mûtse leinen, hwent hja scoenen in hiele omkear yn myn libben bringe kinne.

Hwet dingen dat wiene? Ja, dêr woe 'k jimme nou wol ris efkes nei riede litte.

Him forkeapje for de East, scille misskien goeds tinke. Mar dan binne hja fier mis, hear! Ik bin sa bang for de militaire tsjinst, as de flie for de tsien geboaden. Net omdat ik bang bin for fjuchtsjen, o né! As 't dêr op oankaem, dan scoe 'k de ried opfolgje, dy ús âlde beppe mij bij hjar libben faek en dikmels jûch, ik scoe roppe: „ik tel jimme net!” en er dan útnaeie sa hird as ik koe, en 't moasten gnappe poepen of frânskmanen wêze, dy mij ynhellen, as ik hjir en dêr ien fen myn lange skonken smiet.

Né, ik ha sa pas de flie neamt en deselde sucht nei fryheid, dy dat bistke bij 't bêdopmeitsjen ta greate sprongen oanset, besielt mij ek; dêrom bin ik sa bang for de tsjinst.

Net, dat min mij bij 't bêdopmeitsjen ek efter de broek sitte scoe, o né! Mar ik hear safolle gesmoes oer koejenaesje, safolle fen jonge korperaeltsjes, dy kearels, dy hjarren mei de pinke fen de lofterhân de harsens wol yntrjúwe kinne, oansprekke mei: „boerenkinkel”, „schaapskop”, „misselijk mirakel”, of mei: „ga in de positie staan potverdomme, als ik tot je spreek”, — ik ha to Ljouwert al safolle fen it eksersearjen sjoen, dat ik in allernaerste hékel oan de tsjinst ha. Hwet Atsje oangiet, der krije hja mij ek net maklik, hwent ik bin ôfgryselike bang fen de waarmte en ik ha krekt allike folle langstme nei de Atsjeneezen, as de Sultan fen Turkije nei syn skild-easkers.

Dos net ûnder tsjinst en net nei de East. „Dat zij verre”, lyk as ús domenij faeks seit as er út Paulus preket.

Moochelyk scoe er wol mei oannomd wirde! Of sels baes wirde, tinke wer oaren.

Ek net, hwent ik wie for beide yette hwet to jong. Jimme binne to 'n ein ried, behalve dat fanke, dat ik flústerjen hear: „hij scoe for d' earste kear to frijen!”

Dat is for de greatste helte red, hear! Ik scil 't jimme mar sizze: ik scoe for d' earste kear nei de skearbaes en for de earste kear to frijen; al hiele wichtige stappen for in jongkearel fen sextsien jier.

Dat ik for d' earste kear nei de skearbaes scoe, wie yette to slimmer, omdat myn bird sahwet fen deselde stiiwigheid wie as de plústerkes fen in hynstebloom.

Lykwols, nou ik to frijen woe, moast it er dochs wol ôf, hwent ik moast it famke der ik hinne woe yn de mieninge sjen to bringen, dat myn reis nei de skearbaes hege needsaek west hie, dan koe hja earder respect for mij ha.

Sa stie ik dan bij de brêgge, de algemiene „beurs“ fen ús doarp en makke mij hast nidig op in siedsjouwer mei in kin as in Ingelske biesem, dy bromde dat it skearjild him sa bigreate.

Ik hie op dat eagenblik jerne in daelder skearjild bitelje wollen, as ik sa'n partij stikels om myn snapert hawn hie.

Ik roun likk bij him wei en rjucht op baes filder, ... ik wol sizze rjucht op baes birdskrabber yn, hwent it wie tongersdei-to-joun, in lege joun for de skearwinkel, dêrom gong ik er sa'n joun ljeafst hinne.

Do ik der koam, siet baes skearder dan ek allinne, as in heremyt yn syn klûs.

„Joun baes!”

„Joun boai! Hwet woste?”

Ik seag wol dat baes net yn in froalike stimming wie en doarst dos net daelk mei 't wiere boadskip him oan to kommen. Derom sei ik: „ik woe 't hier wol hwet knipt ha, baes!”

Baes sette swijend in stoel del, hwerop ik myn wichtige persoan gou delplakke woe, mar baes kearde det driftig.

„Hou, hou hwet! Dêr moat earst in stove op! Of mienste dat ik myn âld rêg brekke wol?“

„Om myn part de rîbben er bij“, tocht' ik; mar ik sei it net, hwent ik wist foarút: dan hie myn bird sitten bljeaun.

Mei Jobsgeduld gong ik dos mar op de stove sitten en baes teag oan 't hierknippen. 't Like wol dat ik myn holle net to stil hâlde, hwent yn ienen sei er, sa frjeunlik as in âld baerg:

„Hald dyn kop stil, siz ik. Dy blaxemse kwajonges kinne nea hjar yntaest stil hâlde.“ Do spande 't er fensels noch mear om myn prûk stil to hâlden, hwent ik wie sa nidich as Tryn Hoartses, do we hjar âld kat forsopen hienen; mar ik hâlde mij dochs kûs, hwent de âld knaep is de ienigste skearbaes yn ús doarp, en ik woe dochs jerne myn bird kwyd. Einlyks rekke myn hier der ôf en baes rikte mij in spegeltsje oer om to sjen ho 't gien wie.

„Dat ha j' er ris gnep lapt“, sei 'k, mar ik miende 'r gjin bean fen, hwent d' âld knapper hie yn myn hier omfike, as de jonge fen bûrman yn ús blik, as er gers snijt for syn keninen.

„Dat tocht ik ek“, sei baes.

Ik tochte: kom, nou moat it heege wird er mar út, der is nou in bres yn 'e mûrre.

„Mar myn mûle sinnicht mij ek net, baes! dat pod-dehier wirdt mij to lang, scoene jou mij dêr ek ôfhelpe wolle?“

„For jild skear ik in slak“, andere baes en krige in hânlampke om mij ris goed to bisjen.

„Krekt in forskimmele frânsk-broadsje“, sei er, en krige skearnappe, hândoek, sieppe en mes.

„As ik dij bij tsjuster ris tsjin kom, tocht ik, scil ik dij dat breadsje ris oerkôgje litte.

Baes sieppe mij yn en teach do oan it skearen.

„Skeart it goed?“ bromde er.

't „Skilt safolle net“, andere ik brimstig, wyls ik in bringst fen 't ryklik smarde sieppeskom yn 'e mûle krige.

Baes helle 't mes yet ris oer it lear, en fike 'r wer ûnfûg op los.

Einlyks en to'n lêsten, dêr stie ik sûnder bird, mar 'k koe net witte dat 'k er lichter fen wurden wie. 'k

Bitelle baes en naeide 'r mei 'n net hiel freunlike groetnis út.

De earste kear to skearen wie 'k trochkomd, mar de earste kear to frijen moast noch wêze, en de deale, dat 's ek in krewel.

Sneintojoun koam. De klok hie krekt acht ûre slein, do ik op sjou teach, nei earst for 'n hânspiegeltsje it ien en 't oar oan klean en oferhimdsjestrík en sa yn oarder brocht to hawwen.

't Hert sloeg mij tsjin de ribben oan, dat min 't krekt like goed heare koe as 't lieden fen de Wijn-terper klokken op Sint Steffen.

Njonkelytsen koam ik oan de wente fen hjar, nei wa ik ta woe. Ik roun er al ris foarbij, yn 'e hope dat Martsen — hja hjit Martsen, moat' jimme witte — der ris út komme scoe. Mar al hwa koam, gjin Martsen. Einlyks teach ik de dryste skoene dos mar oan, draeide de klink fen de foardoar op en stie bij hjarres yn de gong. Hearders en heardereskes! Ik ha ris ienkear in domenij syn fiifkop ôfsmitten en moast do nei him ta om forjeffenisse to freegjen. Mar ik kin jimme fortelle, do ik der bij domenij yn de gong stie, wie ik hyn of to nei sa raer en dwilig net, as do 'k der for de earste kear bij Martsen en hjarres yn de gong stie. Nei 't ik „folk” roppen hie, waerd de keamersdoar iependien en it parkemintige antlit fen Martsen hjar beppe kipe om 't hoekje.

„Is der hwa?”

„Ja!“ rôp ik en 't âld minske koam op mij ta.

„Hwet moasten jou?”

„Ik woe Martsen wol efkes sprekke!” raesde 'k, hwent it minske is hwet hîrdhearig.

„Martsen, seinen jou? Hwa 's jonkjen biste?”

Wol, alle difels.... hm! 'k woe sizze.... forjow mij hearders en hearderessen, de útfal wie hwet bot, mar ik wird altyd noch driiftig as ik oan dat eagenblik tink.

„Hwa's jonkjen biste!“ Dat *mij* to freechjen, dy hjar wol 'n heal jêlne oer de mûtse hinne sjen koe.

„Ik bin Harm fen Kees timmerman,” raesde 'k, en 'k ha 'n lyts boadskip oan Martsen.“

„Nou”, wurde 'r út de keamer wei roppen, „lit Harm hjir dan mar komme.“

Sa sein, sa dien! 't Ald wiif straempele de keamer yn en ik hjar efternei.

„Navend“ sei 'k tsjin Martsen hjar heit en mem. Hjar sels seach ik net.

„Joun Harm“, seinen se, wyls mem mei in stoel ré sette.

Yn de alteraesje gong ik lykwols op in oaren ien sitten en dat bikoam mij núfer, hwent der lei in âld boarre op.

„Dy net heare wol, moat fiele“, seit it sprekwd, mar dy net sjen wol, of alteas net goed út syn eagen sjocht, moat sims ek fiele, dat ûnderfoun ik op dat stuit.

De kat bigong in solo te sjongen, dat hearren en sjen jin forgean scoe en makke fen syn flewielen poatsjes fjouwer fiifneilige flêskprippers, dy er sa ûnfûg yn myn efterst sette, dat ik fen kealtme oerein en omtrint it âld minsk ûnderst boppe fleach en de flesse mei anys en brandewyn, dy ik op goed lok meinomd hie, mij amperoan ta de bússe útrôle.

De teikens fen de kattepoaten binne yette yn de broek to sjen dy 'k do oanhie.

„Hê jonge!“ sei Martsen hjar heit, „dat 's in rare ûntmoetinge.“

„Dat komt er fen“, sei beppe, „wylde bern en katten ha nea meinoar kind.“

'k Wie fensels raesend en foraltereare tagelyk en sei neat.

Ik rekke lokkig gou op in oare stoel to sitten, hwerop Martsen hjar mem mij 'n pantsje kofje oerrikte, mei 'n moai huikje keallepoat.

Hja fortelde mei dat Martsen efkes om boadskip wie en daek wol thús komme scoe.

De âlde hear en ik rekken do oan 't praten oer waer en wyn, oer kij en skiep, oer alles en noch hwet, ont we tsjin 't lest oan 't timmerjen koamen. Ik bin bang dat 'k do wol 'n bytsje oan 't opsnijen west ha, hwent ik ha praet oer 't bouwen fen hûzen en boereskûrren, al hie 'k 't fyftich jier dien. Mar hwet deale, as sa'n âld wiif jin sa leech leit, moat min jin den sels net hwet yn 'e hichte stekke?

Mei 'n heal ûre koam Martsen thús! Né, mar dy seag mij oan as Jetskemoei de sinneklips.

„Navend Harm!“ sei se.

„Moarn Martsen!“ wie myn biskied.

„Nou“, sei hjar mem, „nou is 't ek raer; Harm mient leau 'k dat it al nei toalfen is.“

„Ei né“, sei 'k, „dat foel der sa mar út; ik woe sizze, witje ik“

„Hij prakkesearret yet oer de kat“, sei beppe.

Martsen wist fen 't gefal fen de kat fensels neat ôf en harke dos nei ús, as wij nei de joaden op greate forsoendei.

„Harm hat in boadskip oan dij“, sei hjar mem.

„Oan mij?“

„Ja Martsen! Ik woe dij wol efkes allinne sprekke.“

„Nou, dat kin wol“, sei se. „As je dan mar efkes mei komme wolle.“

Nou, jimme bigripe dat ik gau it folts goen joun sei en hjar efternei stroffele. Hwer hja mij hinne liede wit ik net, hwent de holle draeide mij as in giseltop. Mar der efter, yn 't tsjuster, frege hja mij: „Hwet boadskip hieste, ju!“ „Ja, sjoch Martsen, ik hie der al lang ris oer prakkesearre om mei de kat... ei, ho kin 'k sa mâl... ik woe sizze“

Difels! Us âldste feint hie mij sa krekt bitsjut ho ik it oanlizze moast en nou 't er op oan koam wist ik er krekt safolle fen as ús hoanne fen de Babelske sprekforwarring.

„Ik woe sizze, Martsen, dat ik dat ik“

„Doch't dij mar oan tiid“, sei se, „siz 't mar ienfâldig wei.“

„Nou dan, ik woe freechje as 'k joun hwet bij dij bljúwe koe.“

„Ei jonge, wie dat it boadskip!“

„Ja! Mar siz ju, kin 't? Siz ju!“

Ik taestte al ris om mij hinne, hwent it wie der sa tsjuster as de wearlich.

„Ja, hwet scil 'k sizze“, sei hjar wer. „Ik wit net as ús folk it lije wolle.“

Dermei fiede 'k in seaft hantsje yn mines.

Och, ljeafe sauntsjen! Lit de wrâld mar prate oer elektriike en galvaniske batterijen! Ik woe wol ris sterker „batterij“ sjen, as sa'n seaft, mûtel fammehantsje yn 't piktsjuster.

Al hierne hja mij troch „biologieren“ of hypnoti-

seeren“ ek sa stiif stean litten as in hikkepeal, dat amerij hie mij sa linich makke as een pias yn in hynstespul.

Ik helle dat hantsje, cum annexis — lyk as ús notarisklerk gau ris seit — nei mij ta.

„Dos dan jowst mij gjin blau, hè? Nou, dan lizze we earst mar ris efkes oan, nou?“

Ik hie hjar krekt de earm om 'e hals, do Sakkerloat, gjin geeste-oproppers kinne mäller tasjen as yn ienen de tsjustere seal, hweryn hja beusich binne, forljochte wirdt, as wij, do hjar mem mij de laempe efter ús stie.

Mar dat is in tige goed minske, dy wit dat hja sels ek jong west hat.

„Nim mij net kwalyk bern,“ sei se, „ik moast efkes de tsjettel út de keuken helje. Mar hwet ik sizze wol, ik kin Harm syn boadskip wol riede; as jimme efkes kuierje wolle, dan is hjir de kaei; dan kinne wij mar op bêd gean.“

„Nou“, sei Martsen, „wolke we dan efkes de bûrren lâns?“

Nou, jimme kinne fetsje, hwet ik andere.

„Joun dan, bern!“ rôp mem ús efternei, „’t foart net al to bot meitsje, hear! Jimme binne yet sa jong!“

„Né, wij scille staedig oan dwaen. Nacht mem!“

Mij tinkt, hwet scil dat minske folle rêstiger sliept hawwe, as de âlde, snibbighe beppe.

Wij hawwe do hwet kuiere en dêrop Martsen hjar wente wer opsocht.

Do helle ik de flesse mei anys en brandewyn trochenoar — hagel en donder, sizze se bij ús — for ’t ljocht; Martsen helle ’n romer en ik helle Martsen nei mij ta.

Oan de moarns fjouwer ûre ta hawwe der bij elkoar sitten; wij woene ’t foart net al to bot dwaen. En de tiid is mij neat lang fallen. As Martsen mij net foatdrjeaun hie, hie ’k er nòch sitten.

En dat hja mij foatdreau, wie net omdat ’t hjàr forfeelde! O né, hwent ik stelde ’t daelk mei hjar op trije wike wer; mar hja brûkte hjar forstân. O, ’t is sa’n forstânnich fanke!

Och, och, feinten, dy yet nea to frijen west hawwe, bisiikje ’t ris. ’t Scil jimme goed foldwaen.

Dat gnúven en dat strúnen jouwt op 'e dûr ek mar earmoede.

En letter, as heit en mem er ris ôfreitsje en jimme âlde feinten binne en jimme sûnder frjouljue'shelp net redde kinne, dan lit jimm' jimme faeks ynpakke troch in fikke fen in âld húshâldster, dy jimm' al gou de toffel op 'e nekke set.

Siikje dos in wyfke op as 't noch tiid is, dat wol sizze dat jimm' sels noch yn 'e fleur binne en net for healsliten forkoft bihoeve to wurden.

En tink er om, for nimmen, ek net for de greatste sûndaer op dit gebied, is it to let, salang hja noch sawet soun en kreas binne.

Derom ha 'k de earste kear yn sake frijerije fen mijsels forteld, om foaral de âld-feinten oan to fjurjen it ek noch ris to bisiikjen. De mearste jonges wolle út hjar sels wol, mar inkelen binne hwet bleu. Famkes, kom sokken in hiel, hiel lyts bytsje tomjitte. It kin altyd fen *ien* kant net komme, n't wier?